

## Wisten Jim Dat?

'Wisten Jim Dat?' is een selectie fan stikjes út "BUURTSBOADE", de doarpskrante fan It Heidenskip.

### Wisten Jim Dat'

Maart 2001

18<sup>e</sup> jaargang

Buurtsboade no. 2

### Nije rubryk yn 'e Buurtsboade

Yn 'e B.B. gearkomste fan ôfrûne january kaam immen mei it idee om in nije rubryk yn 'e Buurtsboade te meitsjen en we sille besykje om mei help fan jimme dit op poaten te setten. It is de bedoeling om tenei alle minsken, grut en lyts, dy't in diploma helle ha te neamen. Ek minsken dy't noch mar koart lyn út it Heidenskip wei gien binne te wenjen dogge mei. Dus hellet der immen in swimdiploma, in skoal- of in musykdiploma of hat immen it middenstandsdiploma helle, alle gearre kinne se der bij. Mar om't wij net oeral eachen en earen ha en net graach ien ferjitte wolle, soene we it tige op priis stelle dat dit safolle moegelik oan ús trochjûn wurdt. Itzij troch âlders, pake's en beppe's of buorju. Ek mei dyjinge dy't it helle hat fansels self wol berjocht dwaan. Iidbewizen foar fan alles en noch wat, alles kin derbij. Wij hoopje dat der de oare kear al in moai rijsje stean sil.

Jimme kinne it wol troch jaan oan

ûndersteand adres.

### Kleurje

We sille earst noch efkes werom nei âldjersnacht. De feestkommisje wie wer yn tou west en sadwaande wie it doarpshûs foar âld en jong wer iepen. De oaljebollen en de champagne stiene foar eltsenien ûnder berik en sa ek de kleurplaten, eins bedoeld foar de jonge jeugd dy't mei heit en mem meikommen wiene. Mar wa sieten der no te kleurjen 's nachts om in oere twa? Dat wie de âldere jeugd, sa yn 'e leeftiid fan 25 oan't 45 jier! Oars moat der tenei ek noch mar in kleurplaat bij de Buurtsboade yn...



### Wer gewoan Ursuladyk

Dat it Heidenskip in strjitte earder is. Want de "Willemstraat" is opheven. Wer wie dy Willemstrjitte dan, sille guon har ôffreegje. It wie in ferlengstikje fan de Ursuladyk, der stiene ek mar ien hús en de pleats fan Gorrit en Sjoerdsje Kuipers oan. It hús dêr wenne Willem Twijnstra en dy is no, sa't jim bij de boargerlike stân lêze kinne, nei Warkum gien. En hij hat it buordsje, dat er ris fan freonen krige hie, mei derop de namme Willemstraat, meinaam. Dus fanôf no wenje Gorrit en Sjoerdsje wer gewoan oan 'e Ursuladyk. It kaam regelmjittich foar dat ûnbekinden dy't op syk wiene nei it adres fan de fam. Kuipers, tochten dat se it fûn hiene mar dan op it ein fan 'e rit noch it buordsje Willemstraat tsjinkamen. Fertiwive seachen se dan om harren hinne en faak kearden se dan de auto om earst mar ris bij de buorlju te freegjen wêr't Ursuladyk 11 dan wol wie!

### Bij de buorlju

Sa't jim witte fyts Hans v. Dam net allinne om yn 'e wide omkriten de Buurtsboade rûn te bringen. Nee, ek foar de aardichheid fyts er troch in hiele soad Fryske doarpskes hinne. En sa kaam er op ien fan syn reizen op it idee om út al dy doarpen in doarpskrante mei werom te nimmen. Want sûnder dat we it witte blike der in hiele soad minsken yn 'e omkriten regelmjittich dwaande te wêzen om krantsjes fol te krijen. It is hiel aardich om ris te sjen wat ús ?buorlju? dêr fan meitsje. Oer de ynhâld sille we net skriuwe mar wol kinne we jim yn't koart wat algemiene gegevens jaan, foar safier oanwêzich want lang net alle boekjes ha bijgelyks de oplage of de jiergong der yn stean.

**Bultenijs:** *dorpskrant van Koudum*. Hat krekt as de B.B. in A4 formaat. Hat in oplage fan 1020 stiks en kostet foar ynwenners fan Koudum ± f14,- yn 't jier en dan ha je him alle moannen yn 'e bus. Alle skriuwers stiet op acht kantsjes wer fan't ien fol adfertinsjes stiet. It taalgebrûk is meast nederlânsk. It bleedsje sjocht der hiel professioneel út, de foto's binne tige moai ôfdrukt.

**Het Klepeltje:** Foarop stiet: *Het klepeltje staat onder redactie van de kerkeeraad, dorpsbelangen en inwoners van Gaast en Ferwoude*. It is dan ek dúdlik yn earste ynstânsje in tsjerkekrantsje want it "preekrooster" stiet op 'e foarkant. Deze foarkant is fel read, mar dat kin ek wêze om't dit it krystnummer wie. Wat er kostet en wat de oplage is en de hoeftste jiergong it is, kinne we net gewaar wurde. It fermoeden is dat er alle twa moannen útkomt. It is foaral nederlânstalich.

**Nijsbrief:** *doarpsbelang Blauhús*. A4 formaat. Komt twa kear yn't jier út en kostet neat. Hat in oplage fan 260 stiks. Liket sa oan 'e bûtekant in soad op 'e B.B. Hat in goeie 40 siden werfan noch al wat dêr't allinne adfertinsjes op stean. De fiertaal is meast frysk.

**Doarpsnijs:** *foar Eksmoarre en Allingawier*. Heal A4. Hat ±10 siden ynklusyf adfertinsjes. It is in minikrantsje mei in maximum oan ynhâld. Komt alle wiken út. Binne al mei de 37ste jiergong dwaande en ha al mear as 1860 nummers útjûn. Behalve op 'e foarkant koene we gjin frysk fine. In abonnemint kostet f 25,- en postabonnees moatte f 67,50 betelje.

**It Skieppesturtsje:** *doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.* Binne mei de 24ste jiergong dwaande. Is ek heal A4 formaat. Hat gjin adfertinsjes tusken de kopy en ik tink dat er in kear as fjouwer yn't jier útkomt. Minsken kinne frijwillich in bijdrage yn 'e (druk)kosten jaan. De fryske en de nederlânske taal wurde ûngefear heal om heal brûkt.

**De Pinfisker:** *Parregea, Hieslum, Dedzjum e.o.* Liket úterlik in soad op dy fan Tsjerkwert. Hat allinne wat mear siden (50). Is dus ek fan it formaat, heal A4. En ek hjir draaie se op frijwillige bijdragen. It boekje wat ik krige wie fan 'e 21ste jiergong. It is meast nederlânstalich.

**Uus likje wraald:** *Nieuws uit Hindeloopen*. Foar 10 edysjes yn it jier binne jo f15,- kwyt en in postabonnemint kostet f 32,50. It hat in A4 formaat. It hat acht siden wer fan twa fol adfertinsjes stean. Se binne dêr yn Hylpen mei de 10de jiergong dwaande. It sjocht der hiel fersoarge út, mar wurdt dan ek bij in professionele drukkerij yn Snits drukt. De taal is nederlâns en fansels hylpers. It hiele boekje docht freonlik en fris oan.

**Tusken de Wymerts:** *Jutrijp-Hommerts*. Wurdt útjûn troch de feriening fan dorpsbelangen. Op 'e foarkant krekt as in protte oare blêden de tsjerketoer. De jiergong stie der net yn, wol wie dit it 139ste nûmer. Is ek makke op A4 formaat en op 'e selfde wize as de B.B. Is ek ûngefear sa dik mar dan sitte der wol 26 siden fol adfertinsjes tusken(!) Hjirtroch kostet er fermoedlik niks. Hoe grut de oplage is stie der ek net yn. Hoe faak er útkomt koene we ek net fine mar we tinke in kear as fjouwer, fiif yn't jier.

**Makkumer Belboei:** útgave: *Makkumer Middenstand Vereniging*. Wurdt alle woansdei's hús oan hús besoarge yn Makkum e.o. It nûmer dat wij hiene wie nr: 858 en in jiergong stie der net bij. It is op A4 formaat en bestiet foar in grut part út adfertinsjes en sil dêrom ek wol neat kostje. Is eins wat in Wijd en Zijd mar dan allinne foar Makkum.

**Us krantsje oer't spoar:** *doarpskrante fan Nijhuzum*. It is it yn alle opsichten it jongste krantsje wat we der bij hiene. Acht kear is dit krantsje no ferskynt en de redaksje bestiet út twa dames fan elk ±18 jier jong! Oer kosten koene we neat gewaar wurde. It hat 14 siden op A4 formaat mei efterop in echte moppetrommel.

Wa fan jim no tige nijsgjirrich wurden is nei de ynhâld fan dizze krantsjes, dy kin se bij ûndersteand adres ophelje. Miskien komt der noch wol in ferfolch.

Eltsenien dy't fan it maaitidssintsje de kribels kriget, sukses bij it húshimmelfjen en foar wa't wer yn 'e tún wol: ein februaris, bij moai waar, kinne de roazen wol snoeit wurde.

Dit wie it wer foar dizze kear, foar nijtsjes kinne jim belje: 0515-541589  
of skriuwe: Ursuladyk 7 8724 HR It Heidenskip. E-maile  
[Y\\_Galama\\_B@hotmail.com](mailto:Y_Galama_B@hotmail.com).

#### **Wisten Jim Dat'**

*Juni 2001  
18<sup>e</sup> jaargang  
Buurtsboade no. 3*

#### **Wisten jim**

Bedriuwichheid oan 'e Hoekseize

En dan tink je in primeur te hawwen namentlik in eksklusyf ynterview mei twa startende ûndernimmers mar dan docht bliken dat de Friso ek al lâns west hat.....

Op in moarn yn maart ha we yn Warkum op besite west bij Lieuwe Kampen en Evert v.d.Wal. Yn in loads op 'e Hoekseize binne se sûnt koart út ein setten mei in eigen bedriuw dat de namme hat: Auto Compleet. Doe't we kamen wie it krekt kofjetiid en dat drinke Evert en Lieuwe meast tegearre mei de buorlju út it bedriuw links en it bedriuw rjochts fan harren, dat is wol sa gesellich. As echte direkteuren sitte de beide jongemannen efter de tafel fan harren kantoarke mei binnen hânberik de kofje en de sigaretten. (Foar wa't molke yn 'e kofje ha wol ha we de rie, nim it sels mei) In eintsje fierderop stiet it bureau mei dêrop it senuwcentum fan 'e hiele ûndernimming: de computer. Hjirmei wurde bestellingen dien, rekkens útskreaun en faxen ferstjoert. Dit lêste tsjinnert ek as reklamebron; faxen wurde dan ferstjoert nei oare ûndernimming mei de mogelijkheden fan Auto Compleet der op. Troch it reklame meitsjen wat yn eigen hân te hâlden kinne se frij goedkeap adfertearje en it wurket like goed wol want der is al aardich wurk út fuortkommen.

It is net sa dat dizze beide Heidenskipster ûndernimmers harren hiele libben lang al mei de gedachte omrûn ha om tegearre in bedriuw op te setten mar allebeide hiene se altiten wol it gefoel dat se net altiten foar in baas wurkje woene. Al foldie it wurk as automonteur bij harren foarige baas, Valkema fan 'e Joure, hielendal net min, de frijheid lûkte. Evert hat dêrom tuskentiden ek alris in baan as fertsjintwurdiger hân en Lieuwe hat in skoftke yn Canada sitten.

Doe't der ferline simmer earne yn Fryslân in garagebedriuw te keap kaam waard it idee berne om tegearre wat te begjinnen. Om yn ien kear in kompleet garagebedriuw oer te nimmen blykte finaal net helber te wêzen mar doe die him de mogelijkheid foar om plak te krijen op 'e Hoekseize, in troch û.o. de gemeente en Homework Makelaardij, subsidieerd pand, koe it al troch gean. De twadde 'box' fanôf de dyk koe troch Evert en Lieuwe hiert wurde. Foar dit projekt komme allinne mar startende ûndernimmers yn oanmerking. En doe kaam alles yn in streamfersnelling; yn twa wike tiid wie alles rûn, fan ynskriuwing bij de Keamer fan Keaphandel oan't de oanskaf fan it kofjesetapparaat ta.

Om in bedriuw te begjinnen foar normaal autoûnderhâld, dat soe te folle ynfestearing freegje en boppedat sieten se dan mei de ôffalstoffen dy't bij sa'n bedriuw frij komme en ek binne der yn 'e buurt al in pear grutte autogaraasjes. Wat dan? Yn earste ynstânsje soe it allinne ynbouw fan L.P.G. tanks wurde. Mar al gau kaam it idee om mear te dwaan, werom bijgelyks ek net trekheaken, routeplanners, fiscaalboxen ensfh. No is der gjin nee mear te keap, alles wat ekstra op en om 'e auto kin, kin levere en montear wurde oan't it opknappen fan oanhingweintsjes ta. En as service wurdt de auto, as it better útkomt, ek noch fan hús helle en wer werom brocht!

Trije jier lang meie se hjir besykje om in bedriuw op te setten dan sille se as it goed giet, oar plak sykje moatte.

#### **Depresje?**

Is it jim ek opfallen dat der de lêste tiid nochal wat Heidenskipster manlju mei de holle foardel rinne? Se doarre amper op te sjen as je se tsjin komme en it groetsjen bliuwt bij wat binnensmûsk gegrommel. Dit binne de mannen fan biljertferieniging 'It Krytsje' en dy rinne om mei in alder ferschraklikst minderwaardigheidskomplex; Se ha ferlern fan de dames fan Parregeal! Yn twa jûnen ferslein, och it ferskil wie net sa grut, mar dochs. Is der no immen dy't earne in biljertploech wit dy't of gegarandeard hiel beroerd spylje of tige omkeapber binne, lit it witte oan it bestjoer fan 'It Krytsje' sa dat der sa gau mogelik in ein komme kin oan dizze biljertkrisis.

#### **Alwer op reis**

No't der net aaisocht wurde mocht hie Hans v. Dam it ûnferwachts dochs wer oan tiid en gean út 'e fytsen. Yn in romme sircel hat er om it Heidenskip hinne west en oeral wei wer in doarpskrante opfantelle. Eins soe de wize werop't Hans al dizze krantsjes kriget wol in ferhaal wurdich wêze.

#### **De Warnser Poarte**

In boekje fan heal A4 formaat mei op 'e foarkant de brêge oer it Johan Frisokanaal, de tsjerke, it Reaklif en wat skiepkjes. It is de 10de jiergong fan dit doarpskrantsje fan Warns en Skarl. Ik tink dat er in kear as seis yn it jier útkomt. Wat er kostet koe 'k net efterkomme mar hij is werskyklik net fergees want der stiet wol in banknûmmer yn. Der stean aardich wat adfertinsjes yn en foar yn in echte ynhâldsopjeftje. It ienigste frysk dat der yn foar komt is de namme foarop.

#### **'t Stavers krantsie**

Mei op 'e foarkant fansels it "vrouwtje van Stavoren." Hja binne dwaande mei de 15de jiergong en komt toch wol in kear as tsien yn't jier út tink ik. Wat dit op heal A4 formaat makke boekje kostet stiet der net yn. Ek net wa't yn 'e redaksje sitte. It taalgebrûk is meast Hollânsk mar ek Stavers fansels. Hjir en der op de 36 bledsiden stean wat adfertinsjes.

#### **Swannepraat út Piacco**

Ha jim wolris yn Piacco west? No wij wol mar we wiene it ús net bewust. Piacco skynt in âlde bijnamme fan Molkwar te wêzen. Wa't wit wêr't dy namme wei komt mei it sizze. It is in grut formaat boekje mei op 'e foarkant in (pen) tekening fan Molkwar mei op 'e foargrûn in Swan. Der sitte, hiel lux, wol trije nietsjes yn en it is meiens ek skoalkrante. Hij komt fiif kear yn 't jier út en kostet neat foar Molkwarummers, foar de bûtegebieden jildt in tarief fan 15,- yn 't jier.

It is de 13de jiergong en hat, mei adfertinsjes sa'n tritich siden. It taalgebrûk is sawol Frysk as Hollânsk.

#### **De Muddejeyer**

Dit boekje hat Hans út Himmelum helle. Eins sis ik dat ferkeard want dit boekje is úteinlik bij de famylje fan Dam thúsbesoarge. Foarop stiet de tsjerke fan Himmelum op moai glêd papier ôfdrukt. It kostet 10,- gûne yn't jier en se binne dêr lyk as yn Molkwar mei de 13de jiergong dwaande. It is in grut formaat krante en komt tink ik in kear as fiif yn't jier út. It hat sa'n 30 siden, ynklusyf adfertinsjes. Foar de A.F.û.K is noch wol wurk yn 'e Súd Westehoeke want ek dit krantsje is hast hielendal yn it Hollânsk skreaun.

#### **Seissprong doarpspraat**

Doarpskrante foar Wolsum en omkriten. Dizze komt bij âld Heidenskipster Sijke Kuipers wei. Hja sit ek yn 'e redaksje fan dit krantsje. Op 'e foarkant fan dit A4 boekje stiet in hânwizer dy't nei seis rjochtingen wiist nl: Ketting, Ytsum, Fiifhûs, Remswerd, Jouswerd en Laerd. Dit binne allegearre buorskippen yn 'e omkriten fan in it sintrum: Wolsum. Opfallend is dat ek hjir, krekt as op in hiele soad oare plakken, allinne mar froulju yn 'e redaksje sitte. De fryske taal wurdt it measte brûkt yn dit 16 jiergongen âlde blêd. Wat er kostet en hoefaak er út komt koe 'k net gewaar wurde. Werskyklik in kear as fiif yn't jier. Der stean hast gjin adfertinsjes yn, wol moai ôfdruchte foto's.

#### **Nijsljochter**

Doarpskrante foar Aldegea-W en omkriten. In grut formaat blêd mei, as je de foar en efterkant neist elkoar lizze, ien prachtige opname fan âld Aldegea. Mar dat útelkoar lizzen fâlt net ta want de nietsjes sitte rydlik fier it boekje yndrukt. Fan de 40 siden is de helft allinne mar bedrukt mei adfertinsjes (Der is blykber in protte middenstand yn en om Aldegea hinne) It is al foar it 18de jier dat er útkomt en tsien nûmmers yn't jier kostet

18,50. En it taalbebrûk is meast Hollânsk.

#### **De Praatmar**

Doarpskrante fan 'e Gaastmer. In knalgriene útjefte mei op 'e foarkant in fisk, in iel en in lëlie yn 'e golven. Oer de ynhâld meie we we niks fertelle want der stiet dúdlik op 'e earste bledside te lêzen dat "niets op welke andere wijze dan ook" de ynhâld "vermenigvuldigd of openbaar" wurde meie. En om no earst skriftelijke tastimming te freegjen... Stikum fertelle we dochts dat se in oplage hawwe fan 190 stiks en dat er fiif kear yn't jier útkomt.

#### **Doarpsnijs Kolderwolde - Aldegea**

In giel boekje fan heal A4 formaat. Mei op 'e foarkant ek noch in ko en in skiep. Hij komt ien kear yn 'e moanne út (en dat is faak!) en is sa't it liket in boekje fan alle ferienigingen, dy't dan ek, tige handich, mei namme en tillefoannûmmer allegearre neamt wurde. Ek yn dit boekje is it Frysk hast net te finen en ek net wat er kostet.

#### **Mar-Lûd Ealahuzen**

Sa ticht bij Kolderwolde en Aldegea en dochts hat elk syn doarpskrante. Op 'e foarkant fan dit A4 boekje stiet in (bibels?) skipke tekene. Dit selfde skipke sit neffens Hans v.Dam ek as gevelstien earne yn in hûs yn Ealahuzen. It is al foar it 22ste jier dat er útjûn wurdt mar wat er kostet en hoe faak er útkomt stiet der net yn. Der is sawol Frysk as Hollânsk yn te finen en yn dit 36 siden tellende boekwurkje stean mar in pear adferfinsjes.

#### **Op 'e Hichte**

Deze krant wordt uitgegeven op initiatief van het dorpsbelang Bakhuizen, Mirns en Rijs.

Op 'e boppeste helte fan 'e foarkant fan dit grut formaat blêd stiet in tekening mei dêrop de tsjerketoer fan Bakhuizen, de klokkestoel fan Mirns en it tempeltsje fan Rijs. De ûnderste helte is ynromme as ynhâldsopjefte. It is noch in "jong" boekje, de 6de jiergong en hij komt werskynlik net sa faak út want dit wie yn seis jier it 19de nûmmer. It taalgebrûk is meast Hollânsk mei hjir en der in "fleugje" Frysk. Wat er kostet en wat de oplage is stiet der net yn en ek net wa't der yn 'e redaksje sitte. (Witte we wer net oft hjir miskien wol manlju yn sitte)

Dit wiene se wer foar dizze kear en dit is foarlopich ek de lêste kear. Miskien dat we takommende winter as it wer ris komkommertiid bij Wisten jim is noch ien kear in lytse searje dwaan sille. Foar wa't al dizze boekjes sels ris sjen wol, dy kin se bij ús oan 'e Ursuladyk ôfhelje.

#### **Tillefyzje**


Dat der nochal wat Heidenskipsters op 'e tillefyzje west ha de ôfrûne tiid. Etty Kramer as tillefoaniste bij it krisissintrum fan de N.L.T.O. yn Drachten. Ysbrand en Anne Galama oer it fierljeppen foar de skoaltillefyzje en dan net te ferjitten de ploech whiskydrinkers dy't tafallich troch Omrop Fryslân betrape waarden bij it drinken fan in moai mannich glêzen whisky yn in bar yn Staveren. Dizze ploech besteande út Cor en Hendrik Buma, Eelco v.d. Werff en Sjoerd Brandsma, wiene op útnoeging fan de eigener fan dit kafé (Sjoerd levert dêr iis) de whisky oan it priuwen. Nei in theoretische kursus fan twa oeren mochten se oan it praktyk gedeelte begjinne. Fan de 67 oanwêzige soarten ha se in part preaun. Dat se net allegearre like lekker wiene koene we oan 'e gesichten wol sjen en oars wol oan it kommentaar: 'Dizze smakket as Doede Bleeker' en 'it komt mij ta de noas út'. Foar't gefal jim jim no ôffreegje hoe't it de mannen foldien hat, se binne de oare moarns alle fjouwer sûnder altefolle krimmenearjen wer gewoan oan't wurk gien!

#### **Goed nijs**

Ien fan de allermeaste nijsjes dy't we de ôfrûne tiid yn 'e kranten lêze koene wie it beslút fan it gemeentebestjoer fan Nijefurd om net oan 'e Heidenskipster kant fan it spoar te bouwen. Dankzij alle fraksjes is dit punt mei glâns fan 'e baan!

#### **Hiel goed nijs**

Dat Janna in soan krigen hat? En "se" neame him Joram. Op 31 maart wie it safier, Janna, de Dexter ko fan Meindert en Tineke v.d. Akker, hat op Meindert syn jierdei foar in aardich kadootsje soarge. Mei de professionele help fan buorman Johannes Oenema is de befalling goed slagge. No soe de famylje eltsenien wol útnoegje wolle om dizze nije wrâldbewenner te bewûnderjen mar oft't je no ien ko, lykas Meindert en Tineke, of hûndert kij ha, beide kearen binne je boer en is it better om no net altefolle oanrin te hawwen. Mar as it aanst moai waar wurdt kinne we 'moeder en kind' fanôf de Heidenskipsterdyk wol rinnen sjen.



#### **Tongblier**

Foar't der yn Nederlân ek mar sprake fan wie wie der yn Warkum al in gefal fan tongblier. Evert v.d Wal tocht, drok yn petear, dat er syn lêste flutske kâld wurden kofje opdronk Wat er net yn 'e gaten hie wie dat Lieuwe, as altiten like galant, ûndertusken krekt wer in nije ronde gleonhite kofje (sûnder molke) ynskonken hie.....

Oan't in oare kear. Foar nij nijs en leuke foarfaltsjes (al hoe lyts ek) belje of skriu: 0515-541589 Ursuladyk 7, 8724 HR It Heidenskip e-mail: [Y\\_Galama\\_B@hotmail.com](mailto:Y_Galama_B@hotmail.com)

*Wisten Jim Dat?' is een selectie fan stikjes út "BUURTSBOADE", de doarpskrante fan It Heidenskip.*

#### **Wisten Jim Dat'**

September 2001  
18<sup>e</sup> jaargang  
Buurtsboade no. 4

#### **Wisten jim**

Nei dizze lange prachtige simmer is it dochts wer septimber wurden, en alle kearen moatte je dan wer mei in bytsje weemoed tinke oan dat ferske fan Gerard Coks: 't is weer voorbij die mooie zomer?. Foaral as je Gerard Heins dan wer mei de trekker mei it hekkelapperaat riden sjogge en de earste blauwedrek luchten wer út 'e fearten oprize, dan binne de simmerdagen in stikhinne wer foarbij.

#### **Komkommertiid**

Kranten en tillefysje brûke dit wurd as der hast gjin nijs is, grienteboeren krekt oars om, die brûke dit wurd as der in hiele soad komkommers te krijen binne. Der is noch in tredde mooglikheid om dit wurd ta te passen; minsken dy't troch de sinne tige ferbrând binne kinne it útroppe: Help, it is 'komkommertiid.' Sa ek Folkert fan Antsje (Jellesma), syn hiele lief wie read gleon fan 'e sinne. 'Gean mar lizzen' seit Antsje, 'dan pak ik de komkommer.' Mei de tsiiskaaf skaafde se moaie tinne plakjes en lei se neist elkoar oer it ferbrânde fel. As alles moai te plak leit komt harren trijejierrige dochter Silke der yn en dy sjocht al dy stikjes komkommer samar útstâld lizzen.

'Dat is lekker heit', seit se, en begjint der daliks fan te iten!

Op de fraach oft't it no helpen hat wie it antwurd: 'Ja'. Der't in stik komkommer lein hie wiene it letter moaie wite rûntsjes wurden. Allinne moate se no noch ris fjouwerkante komkommers ûtfine, dan kinne je se teminsten tsjin elkoar oanlizze!

### **Mei fleugelstjes**

Dat Jel fan Tjitte de Boer dit jier wolris op fakânsje woe en dêrom in fjouwerpersoansjacht hiert hie bij Adema yn Parregea. Tjitte en Jel mei dan wol in buorkerij ha, boaten binne har ek net frjemd, doe't se trouden hat Tjitte syn breid mei de boat fan 'e Gaastmer helle en noch altiten seit er: 'Jel dat is myn roer op it skip'. Mei in pear famyljeleden soene se dus dizze simmer mei de 'Midas' Fryslân ferkenne fan ôf it wetter. No wie der hjir en dêr al ris oerpraten dat Tjitte dan miskien wol farre koe mar net swimme! Soe it in probleem wurde kinne? Sels tochten se fan net, mar de firma Munniksma út Koudum tocht der oars oer want doe't Tjitte dêr flak foar de fakânsje noch efkes kaam krige er in doaske mei wat er thús pas iepen meitsje mocht. En wat siet der yn? Just ja, in swimfest en in pear swimfleugelstjes!

### **(niks)Heard en (niks) Sjoen**

Mids augustus koene we yn 'e Ljouwerter Krante lêze dat de fytsers dy't fanút it Heidenskip mei it boatsje oer woene nei de Gaastmer harren earst in paad kappe moasten troch de stikels om bij de pont te kommen. It stikje paad dêr't it om giet is fan de gemeente Nijefurd en hoewol't omwenzjenden al wit hoe faak bij dizze gemeente klage hiene wie der oan't doe ta neat oan dien. Sels de tekst op in beam mei: 'As jo dizze rotsoai sjogge, binne jo yn Nijefurd?', holp neat. Mar wat wol holp wie in stikje yn Gehoord en Gezien?.. noch gjin dei letter wiene alle stikels fuort!

### **Kampioenen**

It is dochs wol in sportyf folkje dy Heidenskipsters. De hiele simmer ha de fierljeppers de iene beker nei de oare binnen helle. Waard Antke v.d Wal Frysk kampioen, Nynke Galama N.F.M. kampioen en wûn Jantina de Vreeze – v.d Wal it Nederlâns kampioenskip. Jantina is yn Blauhús, dêr't se no wennet, op tapasselike wize huldige, mei korps en mei in taspraak, ekstra wie de fersiering fan harren hús, dat hie se yn it Heidenskip noch net meimakke.

En bij it mastklimmen waard Ysbrand Galama earste bij de jongesgroep.

De toulûkers reizigen ôf nei Japan en dêr wûn de 520 kg damesploech dêr't ûnder oare Gerda v.d. Wal- Anema yn sit ûnder lieding fan coach Feike v.d. Heide, goud.

En waard der dit jier gjin fytsâlvestêdentocht organisearre, gjin probleem, wij witte sels it paad ek wol, tochten Dieuwke Jorritsma, Gerjo de Vries en Trientsje Tjalma. Hja fytsten twadde pinksterdei, mei hurde wyn gewoan mei harren trijen de route.

Wa't ek bij de âlvestêden lâns west is is Siebe Tjalma, op 8 septimber hat er meidien oan de skeelertocht. Start en finish wie yn Bantegea, dit leit net hielendal oan 'e âlvestêdenroute dat sadwaande krigen se der noch in dikke 20 km. bij. It waaide dy dei in lytse stoarm en der foelen pittige buien, dat neist de 100 man dy't al net iens starten wiene, wiene der ek noch in soad útfallers. Moarns 6 oere wie de start en jûns 19.30 koene de skeelers wer ûnder de tige wurge fuotten wei!

Dan ha de lytse 20 Heidenskipsters dy't de wike tefoaren de Hemdyktocht rûn ha it al better troffen mei it waar.

### **Baas boppe baas**

No ha we it dochs oer kampioenen ha, wat fine jim fan dit jubileum: Sjoukje Tjalma- Deinum hat 50 jier lid west fan de Heidenskipster frouljusferieniging. Neffens ús informaasje is frou Tjalma de earste dy't dizze 'mijlpaal' berikt hat.

### **Wiisheid**

We eindigje dizze kear mei in spreuk dy't bij ús op 'e kalender stie:

*De dwaas doet wat hij niet laten kan;*

*De wijze laat wat hij niet doen kan.*

*China*

Foar nije nijsjes kinne jim belje: 0515- 541589, skriuwe: Ursuladyk 7 8724 HR It Heidenskip of E-maile: [Y\\_Galama\\_B@hotmail.com](mailto:Y_Galama_B@hotmail.com). Tink net te gau; dit is niks, fan hast niks kinne we soms noch wol wat meitsje.  
Gr. Y.G

P.S. No besiket men wol mei man en macht om de spoaroergang tusken Warkum en it Heidenskip feiliger te meitsjen troch bomen te plaatsen mar soe it al net in stik feiliger wurde as it bermreid oan 'e Warkumerkant ris meant wurde soe? Ien man soe dit wol dwaan kinne!